

# BESPREK

*Philologia Frisica anno 2012. Lêzings fan it njoggentjinde Frysk Filologekongres fan de Fryske Akademy op 13, 14 en 15 juny 2012.* Ljouwert (2014), Fryske Akademy, 341 pp. ISBN 9789062739929.

It trijejierrige Frysk Filologekongres hat wer in jefte fan *Philologia Frisica* opsmitten. Diskear twa jier nei it kongres en dat hat yn it ferline wol ris langer duorre. It is in mansk boekwurk wurden, mar leafst 21 fan 'e 46 lêzings fan it kongres hawwe de einstreek helle. Meiinoar beslane se 341 siden.

Hast de helte (10) fan de stikken is skreaun yn it Frysk; ien, fan de bûtenlanner Jonathan Roper, is sels oerset. Dêrmei is oantoand dat it Frysk as wittenskipstaal dus noch net foar de dea opskreaun is. Opfallend is ek dat mar twa bydragen yn it Ingelsk binne. It Nederlânsk (5) en it Dútsk (4), de lêste taal allegearre fan lju út Kiel, hâlde inoar sa'n bytsje yn it lykwicht.

It foarwurk fernijt ús dat it gehiel ûnder de redaksje stie fan Piter Boersma, dr. Hanno Brand en Janneke Spoelstra. Dy makken ek diel út fan 'e kongreskommisje, dy't fierders beset waard mei in batterij oan heechleararen. Al dy perfesterstitels roppe oars al wat it byld op fan de flage op 'e strontpream, alteast, it kaam der sa't it liket op del dat dyjingen sûnder sa'n titel it smoarge wurk fan it gearstallen fan 'e kongresbondel op 'e noed krigen. It neamen fan al dy titels foaryn sa'n útjefte is oars wol opfallend, benammen om't de nammen fan de auteurs fan 'e artikels titelless presintearre wurde. Dat lêste hat ek allinne dêrom al dit foar dat jo dan gjin flaters meitsje kinne. Sa komt Edwin Klinkenberg yn 'e list fan lju dy't artikels hifke hawwe net fierder as de doktorandusstatus en dat wylst er al yn 2002 in proefskrift ferdigene hat.

It is hast gjin dwaan om fan alle stikken in wiidweidige gearfetting te jaan, mar omdat *Us Wurk* foar de frisistyk ek wat in dokumintêre funksje hat, folget no al in koarte karakterisearing. Lang net alle artikels hiene nammers de rubryk *Op it Mêd* helle, domwei omdat party bûten it bestek fan 'e frisistyk falle. Dêroer aansens mear.

De artikels binne yndield neffens dissipline: kultuerskiednis/kultuerstúdzje (5 bydragen), letterkunde (7), taalkunde (4), leksikografy (3) en taalsosjology (2). Dy etikettearring soe men oer stride kinne, want kultuerskiednis liket my in foarm fan kultuerstúdzje ta en dêr falt letterkunde dan tinkt my eins ek wer ûnder. En sûnt wannear is leksikografy gjin ûnderdiel mear fan 'e taalkunde? Mar hawar, sa'n redaksje hat in pear skiften nedich en de estetika sil freegje dat dy inoar kwa gruttens net al te folle ûntrinne. De redaksje hat ynhâldlik sa't it liket ek net fierder neitinke wold; de folchoarder fan 'e artikels is teminsten binnen de skiften alfabetysk neffens de skaainamme fan 'e auteurs.

Yn wat wy dan mar de seksje “kultuer” neame sille, jout Roald van Elswijk (RU Grins) in yndruk fan wat Kalma neamde de Frysk-Skandinaafske brêge, mei ûnder oare in moai oersjoch fan literêre wurken dy’t oerset binne. Hy hie om my oars noch wol twa dingen neame kind: it opfallend hege oanpart Friezen dat Skandinavistyk studearre hat, en it fenomeen fan de Skandinavyske feriening yn Fryslân, dy’t oan it begjin fan it winterskoft noch altyd trou advertearret mei Skandinavyske kursussen.

Dêrnei komt fuortendaliks al ien fan ‘e hichtepunten fan ‘e bondel. Alpita de Jong wit oannimlik te meitsjen dat Joast Halbertsma syn soms wat gaoatysk oandwaande skriuwerij hiel bewust en mei soarch op dy wize sa opset hat, en dat er sa eins in superieure ienheid fan foarm en doel fan ‘e tekst kreëarre. De Jong fettet dat yn ‘e titel moai gear as “It strategysk flodderwurk fan Joast Hiddes Halbertsma”.

André Looijenga skriuwt oer “Chronique en Carmina: Latijn, volkstalen en het oeuvre van Pierius Winsemius”. Dy titel dekt yn safier de lading dat it oer fan alles en noch wat giet. In reade tried sit der lykwols net yn, al skynt it de auteur der benammen om te rêden te wêzen om in byld te jaan fan meartaligens yn it 17de-iuwsk Fryslân. Noch tizeriger fan opbou is Bauke Slofstra syn artikel “Joast Hiddes Halbertsma en de Homearyske kwestje”. As ik it goed begryp, dan ferwyt er Halbertsma dat er in beskate histoarysk-taalkundige kwestje net goed begrepen hat, of eins ferwyt er dat ek wer net, want Halbertsma wie ek mar in bern fan syn tiid. Mar fierders springt it stik alle kanten út. Hjir hie de redaksje, krekt as by Looijenga, nei myn miening yngripe moatten.

Dat jildt net foar it artikel “William Barnes en syn Fryske foarfaars”, in deeglik stik filologysk wurk fan ‘e hân fan Jonathan Roper út it Estyske Tartu. Barnes, de meast foaroansteande Ingelske dialektidichter, blykt in grutte kunde fan it Frysk hân te hawwen. Hy koe it wurk fan De Haan Hettema en Halbertsma, en benammen dy syn Mattheus-oersetting en de mienskiplike kunde oan prins Louis Lucien Bonaparte wiene dêrby wichtich. Oarsom koe Halbertsma Barnes syn wurk ek; syn namme komt ienris foar yn it *Lexicon Frisicum*.

De ôfdieling letterkunde begjint mei in prachtich stik fan Piter Boersma. It giet oer de hiele Fryske literatuer, troch de iuwen hinne, en dan besjoen yn syn maatskiplike kontekst. Foaral is wichtich wat de betingsten binne om Fryske literatuer beoefenje te kinnen. Hyltyd is de fraachstelling it kontrast en de ferbining tusken hege literatuer en folk. Sintrale figuer dêr’t alles oan ophongen wurdt, is Harmen Sytstra, en dat is ek wol wer ris moai omdat dy man langer hast fergetten is. Boersma merkt op dat de suksessen fan de Fryske literatuer bûtenút net lykop gien binne mei de wurdearring binnen de provinsje sels. Dat komt mei omdat de taal neffens him yn in dialektstatus hingjen bleaun is en de posysje yn it ûnderwiis noch altiten marginaal is.

Wat men faaks oan Boersma syn klachten taheakje kinne soe, yn ferbân mei dy beroerde wurdearring yn it heitelân sels, is langer it ûntbrekken fan in fatsoenlike wittenskiplike bestudearring fan de Fryske literatuer. Soks bart net mear op ‘e Fryske Akademy en eins ek kwealik mear op universiteiten. Ynstitúsjoneel is it dus

mei de Fryske literatuerstúdzje nacht yn 'e nane. Dat kin ek goed ôfnommen wurde oan de bydragen oan dizze bondel. De westerlauwerske stikken binne skreaun troch studinten en bûtensteanders. En troch Piter sels dan, as leafhawwer.

De ôfdieling letterkunde befettet wol twa deeglike bydragen út Noard-Fryslân. De priis foar de moaiste titel fan 'e bondel giet hoe dan ek nei Maike Schmidt foar "Morden im Norden". It sjenre fan de "Regionalkrimis", dat de lêste desinnia yn Dútslân wakkere populêr wurden is, wurdt hjir analysearre oan 'e hân fan 'e detectives dy't har yn Noard-Fryslân ôfspylje. Wendy Vanselow pleatst dêrnei de Wiedingharder auteur Peter Jensen tusken realisme en modernisme yn. Treflik stik, heldere struktuer, en mei kennis fan saken skreaun.

Nicolaesz Vlaming beskriuwt yn "Ynje as geastlik tsjerkhôf" benammen it langstme fan Nyckle Haisma nei Fryslân, njonken syn Yndysk libben, syn sykjen yn it religieuze en yn it politike, en syn iere publikaasjes, foaral dy yn de berneboekesfear. It wat rommelich skreaune artikel giet mear oer libben as oer wurk en it ferbân tusken dy twa wurdt ek net hiel direkt útsjut. Eins wurdt hjir yn sa'n koart bestek wat tefolle oeral helle. Dit stik, sa wurdt op side 142 fernijd, sil in part foarmje fan in promoasjeûndersyk nei langstme fan Friezen om utens.

Jungyoon Yang skriuwt oer "Starter's contribution to a Frisian wedding". Dit erudite ferhaal, mei byldkjende yllustraasjes der by, jout de eftergrûnen by in brulloftsdiel út 1616. It giet lykwols benammen yn op 'e omballings en net op 'e ynhâld fan it epitalamium, dat boppedat ek noch yn it Nederlânsk skreaun is. Dat, sa freget men jin ôf, wat moat soks eins yn in bondel oer Fryske filology?

Dy fraach soe men mei in kwalitative ynfalshoeke ek stelle kinne by de artikels fan Ruurdsje de Haan en Hein Jaap Hilarides. De Haan har stik is oars tige flot skreaun, mar ynhâldlik is it wol hiel meager. Eins is der mar ien enkêtefraach, nei de taalkar fan Fryske dichters, mar de suggerearre antwurden kinne inoar likegoed ek noch maklik oerlaapje. Yn de konklúzjes steane saken dy't yn it stik sels fierders net werom te finen binne. Se ferwiist tink ymplisyt nei har skripsje, dêr't dit in part fan skynt te wêzen. In goede ferantwurding ûntbrekt it ek oan by Hein Jaap Hilarides, dy't it hat oer "Verfriesing als liedmotief, een traditie van Friese liedboeken". Flot skreaun, en in moai ûnderwerp, dat eins in tapassing is fan Ruurdsje de Haan harres. Gysbert kiest foar it Frysk en dat beskaat fuortdaliks de setting fan syn lieten. Hilarides syn stelling is dat de ynhâld fan Fryske lieten oanpast wurdt oan it Fryske gefoel of de Fryske ideology. It probleem by dit stik is dat men Hilarides op syn wurd leauwe moat. Syn stelling wurdt eins nearne oantoand. In nijsgjirrich tema, dat spitigernôch tefolle yn 'e essayistyk stykjen bliuwt.

De taalkundige ôfdieling hat fjouwer bydragen. De koartste, faaks omdat it stik frijwat kompakt skreaun is, is dy fan Hauke Heyen oer it ûntstean fan 'e pluralisfoarm *jimme*. Heyen folget, kontra Van Helten, Siebs syn útstel, mar skerpet dat oan troch ek gebrûk te meitsjen fan 'e aparte fatsoenlikheidsfoarm *i*. Boppedat kin er hiel aardich de geografyske distribúsje ferklearje.

Eric Hoekstra hat it oer de útgongen *-en* en *-enien* by haadwurdlike ellipsis, as yn *in readen* of *in readenien*. Hy beskôget *-en* as in histoarysk bûgingsrelikt en

foarseit dat it elemint dêrom op ‘en doer ferdwine sil. Apart is dat dit fierders folslein Frysktalige artikel Ingelske glossen hat by de foarbylden. En fan de Midfryske oanhellings wurde gjin boarnen jûn.

Yn it Noardfrysk, sa fernijt Jarich Hoekstra ús, oppenearret him in foar it Westgermaansk útsûnderlik ferskynsel, te witten dat it ferhâldingswurd *fan* diel wêze kin fan partikeltiidwurden, dêr’t wy earder *ôf* brûke soene. In foarbyld is *ik welj di niks vonsteete*, ‘ik wol neat fan dy stelle’. Trêften fan it stik binne de rike materiaalsamling en de oannimlike ferklearring dat hjir ynfloed is fan ‘e oerienkomstige Deenske tiidwurden mei *fra*.

Nei mear as fyftich jier is der opheden ek wer aardich wat belangstelling foar de stomme R. Willem Visser mient dat jo him ûnderlizzend mar wol it bêste oannimme kinne, omdat sa in stikmennich fonotaktyske restriksjes en dialektyske ferskillen ferklearre wurde kinne. In probleem by sa’n analyze is dan tinkt my wol hoe’t de taalbrûker wit dat dy R, dy’t er net heart, der eins wol is. Miskien soe Visser foar dit probleem nei Eric Hoekstra sjen kinne, dy’t op in fernimstige wize it diagroane yn it syngroane befrisselet. Fierders in goed beargumintearre artikel, mei in fracht oan foarbylden.

De ôfdieling leksikografy hat, alteast sa hat de redaksje it betocht, trije bydragen. Mar ien fan dy trije giet lykwols oer leksikografy en dy iene giet dan ek noch net iens oer de leksikografy fan it Frysk. Tanneke Schoonheim behannelet dêryn op floatige wize de fraach wat it ANW, it *Algemeen Nederlands Woordenboek*, sis mar de opfolger fan it WNT, docht mei neologismen. Dy wurde wol yngeand byholden en neamd, mar se wurde net allegearre folslein yn in apart wurdboekartikel beskreaun. Ut it ANW kinne jo lykwols op sa’n wize wol in patroan helje. Ien en oar wurdt beskreaun oan ‘e hân fan it begryp ‘oerstekplak foar wyld’ en de eleminten *-gate* en *-leaks*.

De oare beide stikken falle earder ûnder taaltechnology en binne yndied slim technysk. Arthur Dirksen docht ferslach fan wat dien is om ta in Fryske text-to-speech te kommen. Op himsels is it stik flot skreaun en de auteur besiket ek wol om de problematyk goed foar in breder publyk út lizzen. Mar is dit wittenskip? It is mear in technologyske beskriuwing. Sa ûntbrekt útsoarte in probleemstelling. Sa’n stik is goed brûkber as ynliding of ferantwurdig by it einprodukt, mar wat moat it yn in bondel mei wittenskiplike artikels?

Inselde beswier kin men ha tsjin de bydrage fan Maarten van Gompel, Antal van den Bosch & Anne Dykstra oer “Oersetter: Frisian-Dutch Statistical Machine Translation”. Miskien noch wol sterker, want dit stik is foar net ynwijde lju ek noch ris dreech te folgjen. Foar har oersetmesine ha de auteurs keazen foar in statistyske metoade, oan ‘e hân fan parallelteksten, dat wol sizze, streekrjochte oersettings fan langere teksten. Opfallende konklúzje fan ‘e mannen: it systeem wurket, nettsjinsteande it beheinde parallelkorpus, al behoarlik knap. Dat wurdt smiten op ‘e grutte oerienkomsten tusken it Frysk en it Nederlânsk.

Dizze jefte fan *Philologia Frisica* wurdt ôfsletten mei in ôfdielinkje “taalsosjology”, de lytste fan ‘e bondel. Dy befettet twa bydragen, beide it resultaat fan grif

moedsum en tiidslinend enkêtwurk, dat dan risseltaten opsmyt dêr't in minske net kâld of waarm fan wurde kin.

Sigrid Kingma en Nienke Jet de Vries geane it “Lêsgedrach fan Frysklêzende bern yn Drachten en omkriten” nei. It docht bliken, bern fan trijetalige skoallen lêze mear Frysk en se steane ek positiver foar it Frysk oer, mar se geane minder faak nei de bibleteek, want datsoarte skoallen steane op it plattelân en dy plattelânsbern moatte fierder fytse om by de bibleteek te kommen. Tsja.

It oare stik is fan Truus de Vries, dy't it hat oer “Ingelsk leare yn Fryslân en yn Baskelân: taalhâlding, motivaasje en bleatstelling”. Dat learen fan it Ingelsk is lykwols allinne mar ûndersocht by middelskoallearlingen. Dy taal wurdt yn beide gebieten tige posityf wurdearre, alhoewol yn Fryslân noch justjes mear. Wol in opfallend ferskil is dat de learlingen yn Fryslân folle mear Ingelske ynput krije. Dat sit him der foaral yn dat der op 'e Nederlânske tillevyzje net neisyngronisearre wurdt. De motivaasje om Ingelsk te learen is by beide groepen fierders wakker gelyk.

Dizze bondel hat, alhiel neffens de tradysje, de titel *Philologia Frisica anno 2012* meikrigen. Men kin jin lykwols ôffreegje oft de redaksje de keaper dêrmei net wat by de poat hat. Der binne nei myn smaak tefolle bydragen dy't neat of mar in lyts bytsje te krijen ha mei Fryske filology. Bygelyks omdat it Frysk gjin rol spilet, lykas by Schoonheim harres, mar ek yn dy fan Maike Schmidt. Soms ek omdat de ynhâld neat mei filology te krijen hat. Yang har stik is dêr in goed foarbyld fan. It liket as hat de redaksje sa'n brede ôfbeakening bewust foar kar nommen, te sjen nei de opmerking yn it foaropwurd: “It giet dêrby net allinne om taal- en letterkunde, ek om taalsosjology, ûnderwiis, kultuerskiednis en kultuerstúdzje”. Binne se yn 'e nearlandistyk of de anglistyk ek sa romhertich? Sels by de ôfbeakening fan it begryp wittenskip – sjoch de beide taaltechnologyske artikels – kin men de fraach stelle oft de redaksje de grinzen net te fier oprutsen hat.

In fraach nei it beoardielingsfermogen fan 'e redaksje – en dat is eins noch wol slimmer – kin men ek stelle oangeande de kwaliteit fan 'e bydragen. Wis, der steane treflike stikken yn dizze bondel. Mar hie it foar it boek net folle better west as bygelyks de stikken fan Slofstra, Looijenga, De Haan en Hilarides yn dizze foarm mar gewoan op 'e souwe lizzen bleaun wiene?

Ik wol graach ôfslute mei in positive noat. De bondel sjocht der nammentlik treflik út. In stikmannich artikels binne opgnist mei moaie yllustraasjes. Typografysk is it hiel helder en oersichtlik, en it silersherte tilt my ek fan 'e foto oan 'e bûtenkant. Spitich is dan wol wer dat de âlde tradysje fan giele omkaften, dy't de rige *Philologia Frisica*'s sa'n oersichtlik eigen plakje yn 'e boekekast joech, no sa't it liket definityf de nekke omdraaid is.

*Siebren Dyk*